


# Opfallende rol foar de ferteller

FD 14/2 2001

Ferline jier kaam fan Rink van der Velde de roman *Alde maaie* út. Sels wie de skriuwer fan betinken dat it wol hast dien wêze soe mei syn ynspiraasje. Mar neat wie minder wier. Ferline moanne is der dochs noch wer in nije roman fan him útkommen: *It guozzeroer*.

GERBRICH VAN DER MEER



Rink van der Velde, ferline jier doe't er ta eareboarger fan Drachten beneamd waard.

Foto: Frans Andringa

It bysûndere oan de roman *It guozzeroer* is net allinnich de tiid dêr't it boek yn ta stân kommen is - de skriuwer is al in skoft slim siik -, mar ek de opset fan it boek. Yn de roman is in alwittend ferteller oan it wurdt dy't út it ik-perspektyf wei oer de histoarje fan Bavius Bouma en syn guozzeroer fertelt. It is opfallend hoe ticht de skaaimerken en wurkwiize fan de alwittend ferteller de skriuwer Rink van der Velde benei komme.

De 'ik'-figuer dy't al jierren by de ienselvige Bavius oer de flier komt, komt der op in stuit efter dat Bavius in mansk gewear yn besit hat, in guozzeroer. 'Sa'n guozzeroer is net in gewoan jachtgewear, it is eins mear in kanon', sa lit de ferteller witte en it eksemplaar fan Bavius mjit wol 2.70 meter. Bavius wol lykwols neat kwyt oer de skur dy't yn dat wapen sit.

Efkes letter wurdt der yn de Deelen, in gebiet dat tusken De Tynje en Aldeboarn leit, in motorfyts mei sydspar út de modderfeart optakele. As Bavius syn namme dêrby falt, wurdt de 'ik' wol tige nijsgjirrich en siket him op foar in ferklearring. „Jawis, [seit Bavius,] dan kinne jo der wer in stik fan opmeitsje. Mar dat wol ik net heal. [...] Ik lei him út dat ik net mear foar de krante skreau. Ik soe der no miskien wol in ferhaal fan meitsje, miskien wol in boek, dêr't iksels fan alles by die. En mei oare nammen en op oare plakken. Sadat net ien him der mear yn herkenne soe.” (s.42)

Om't Bavius dochs ferlet hat om oan de ein fan syn libben skjin skip te meitsjen, kriget de sjoernalist by biten en brokken it ferhaal fan de lêste oarlochswinter te hearren en syn aventoer mei it Russyske famke Irina.

It docht bliken dat Bavius yn 'e

oarloch yn Frankryk tewurk steld is. Dêr moetet er Irina, dy't by in razzia oppakt is en as twangarbeidster wurket. Yn 1944 mei er fjirtjin dagen mei ferlof. Wer thús wurdt him fan alle kanten ôfret om wer werom te gean. Bavius folget de ried op mar ferjitte kin er syn faam net.

Bavius' earste ûnderdûkplak wurdt de âld botter fan Thys de Leeuw, dy't er diele moat mei twa lotgenoaten. Yn 'e maitiid moat lykwols omsjoen wurde nei in feiliger plak, om't it hieltyd drokker wurdt yn it fjild. Yn in skûlhutte fan fjouwer by fjouwer wurdt de lêste oarlochswinter trochbrocht. Op it lêste sitte se der mei fjouwer man en bringe de tiid troch mei skutjassen, smoken en ielfiskjen. De maitiid brekt al wer oan as de mannen út sleauwichheid te let yn 'e rekken krije dat der trije manlju by har yn de buert omstrune. Utnaaie kin net mear.

### Detektive

It guozzeroer hat dúdlik detekti-

ve-eftige eleminten yn him. De heimsinnige attributen bringe de 'ik'-figuer der ta om Bavius derop troch te freegjen. Dy wol úteinlik wol prate. Rink van der Velde hat syn roman lykwols sá komponearre dat de lêzer pas yn de lêste haadstikken efter it plot komt. Dêrtroch bliuwt it ferhaal oant it lêste moment spannend. It is de roman ek te'n goede kommen dat de skriuwer de alwittende ferteller en de personele fertellers ôfwiksele hat. It ferhaal hat dêrtroch net allinnich in retrospectief karakter krigen. Mei de personele fertellers en har rinnende dialogen stiet de lêzer om sa te sizzen midden yn it ferhaal.

### Foarwurk

De lêzer kriget yn dizze roman in moai byld fan wat foar foarwurk in skriuwer docht foar't er syn wurken skriuwt. De lêzer sjocht sa oer it skouder mei as de 'ik' Bavius it himd fan it liif freget en folget him op syn oriëntaasjereis nei Normandië, dêr't de 'ik' himsels op

de hichte bringe wol fan Bavius syn sitewaasje doedestiids. De ferteller jout himsels hielendal bleat as er yn ferbân mei syn boektariedings seit: „Earlik is earlik, ik fielde my suver ferromme dat ik nachts net yn de Deelen bliuwe hoegde. En de oarloch as achtergrûn ha 'k der al heulendal net by krije kind. Wylst ik oars wol aardich fantasearre kin. Mar ik ha dus net ûndergien hoe't Bavius en syn maten dy lêste oarlochswinter belibbe ha. Ik moat my mar ferlitte op wat er sels ferteld hat.” (s.76)

Yn dit oarlochsferhaal makket benammen de rol fan de ferteller út it ik-perspektyf wei *It guozzeroer* ta in bysûnder boek. It liket of hat Rink van der Velde mei dizze roman krekt as de haadpersoan Bavius yn syn neidagen wat mear fan himsels sjen litte wollen.

*It guozzeroer*, Rink van der Velde, Friese Pers Boekery, Ljouwert 2001. Priis: 30 gûne.